

moasje nû.	
paraaf	
wurklistpunt	



MOASJE, op grûn fan kêst 29 fan it Reglemint fan Oarder
--

Steategearkomste	2 novimber 2011
Wurklistpunt	02B Begrutting 2012 – Dramasearje Omrop Fryslân

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 2 novimber 2011;

heard hawwende de rieplachting;

oerwaagjend dat;

- Omrop Fryslân dwaande is mei it opsetten fan in nije dramasearje ('Wyn en wetter');
- Eardere dramasearjes fan Omrop Fryslân (Baas boppe Baas, Bit) in grut súkses wienen;
- Dy searjes dêrmei in taalbefoarderjende rol spylje dy't tige bydrage oan de doelstellings fan de provinsje Fryslân (programma 8);
- Fia it lanlike mediafûns in grut part fan de finansiering foar in nije searje fûn wurde kin (sawat 50% fan € 800.000);
- Foar in nije searje noch fierdere dekking socht wurdt, wat de Omrop yn dizze tiid fan besunigings net sels bestuiverje kin;
- Yn ferbân mei de betingsten fan it lanlike mediafûns op koarte termyn in bydrage nedich is

Fersykje it Kolleezje:

om in ienmalige ekstra bydrage earmarke foar dit doel fan € 200.000 beskikber te stellen en te dekken út de VAR

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Annigje Toering